

**SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Avine Fokkens-Kelder
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p><b>Ferkearsfeiligens/ûntbrekkende strjitferljochting Hegesylsterwei Tsjummearum, N384 provinsjale dyk</b></p> <p>It is sa njonkelytsen twa jier lyn dat it fytspaad Hegesylsterwei, dêr't Doarpsbelang Tsjummearum/Furdgum sa'n 20 jier om frege hie, oplevere is. It giet om in stikje fan ûngefear 300 meter.</p> <p>Troch gemeente Waadhoeke (foarhinne Frjentsjerteradiel) en de provinsje is yn 2017 de ôfspraak makke dat de kosten 50/50 ferdiel wurde soene. De gemeente waard oanwiisd as projektlieder.</p> <p>Hoewol it fytspaad binnen de beboude kom fan Tsjummearum leit, is der gjin strjitferljochting.</p> <p>De gemeente hat op in twatal punten mobile ferljochting pleatst. It giet om diselgenerators mei led-skynerpers. Dizze ferljochtsje mar in hiel lyts part fan de ryddyk en it fytspaad. Tusken de ljochtpunten en it stik op nei de fêste strjitferljochting dy 't by De Kamp ophâldt, is it by nacht roettsjuster.</p> <p>Op it stuit is sa dat by de yngong fan it doarp fan it suden út in fersmelling yn de dyk is. De fersmelling is net ferljochte. It earste ljochtpunt is sa'n 46 meter fierderop. Foar ferkear dat it doarp ynride wol leveret ien en oar in ferriederlike en dus gefaarlike sitewaasje op.</p> <p>Fierder is it sa dat it fytspaad net goed ferljochte is. Dit leveret foar fytsers en oare brûkers fan it fytspaad in ûnfeilige sitewaasje op, sawol wat ferkearsfeiligens oanbelanget as gefoelsmjittich.</p> <p>Neifraach by de gemeente leveret as antwurd dat der troch Liander in kabel oanlein wurde moatte soe en/of dat de ferljochtingsarmatueren net te leverjen binne. Yn it lêste doarpskrantsje fan Tsjummearum wurdt oanjûn dat der boppedat sprake wêze soe fan smoarge grûn.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> <li>1. Binne jo it der mei iens dat it winsklik en gebrûklik is dat der binnen de beboude kom fan in doarp fêste strjitferljochting oanwêzich is?</li> <li>2. Fine jo ek dat it net te begripen is dat der nei likernôch twa jier noch gjin strjitferljochting oanlein is oan it part fan de Hegesylsterwei dat binnen de beboude kom leit?</li> <li>3. Fine jo ek dat it net fan dizze tiid is dat der al sa'n twa jier lang diselaggagaten brûkt wurde om tydlike ferljochting baarne te litten (stikstof, fynstof, CO<sub>2</sub>)?</li> <li>4. Wat binne de kosten fan it hieren fan de skynerpers en wa betellet dizze?</li> </ol>

	<p>5. Wat binne de kosten fan it oanlizzen fan strjitferljochting en wa moat dit betelje?</p> <p>6. Binne jo it der mei iens dat der sprake is fan in ûnfeilige ferkearsitewaasje?</p> <p>7. Fine jo ek dat der sa gau as mooglik in oplossing komme moat, yn elts gefal foar septimber/oktober as de bern wer op de fyts nei skoalle (yn Frjentsjer) gean?</p>
--	---

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening)
	FNP, Gerben van der Mei

Datum	22 maart 2023
-------	---------------